Syllabus by it ûnderdiel 'fakdikaktysk praktikum' Module 2016-2017

Ynhâld:

Stúdzjewizer 2
Kolleezje-oersjoch 4
Lêslist 9
Dossieropdrachten kolleezjestof 10
Formulieren lestarieding 13
Staazjedokuminten Afûk 15
Selsevaluaasjeformulier 21
Feedbackformulier learlingen/kursisten 22
Dossieropdrachten subjektive fisy 23
Beoardielingsynstrumint dossier (rubric) 24

Stúdzjewizer foar it ûnderdiel 'fakdidaktysk praktikum' Module 2016-2017

Doelgroep
Kursisten Afûk Foech
Dosinten Frysk dy't ferlet ha fan profesjonalisearring
Studinten Frysk bachelor, dieltiid en foltiid

Kolleezjedata
6 febrewaris - 18 april 2017, tiisdeis fan 19.45 -21.15 oere
2 maaie - 20 juny 2017, tiisdeis fan 16.00-17.30 oere
Kolleezjefrij op 21 febrewaris en 25 april.

Omfang
9 EC (258 stúdzje-oeren)

Kontaktpersoanen
algemien: Henk Wolf (henkwolfljouwert@yahoo.com, 06-18932351)
lêslist: Alex Riemersma (a.m.j.riemersma@nhl.nl)
Afûk-saken: Lineke Kuiper (l.kuiper@afuk.nl)

Doelen
Nei ôfrin fan de kursus kinne de dielnimmers:
* selsstannich lessen tariede, útfiere en evaluearje;
* eigen les- en toetsmateriaal ûntwikkelje;
* soargje foar in fruchtber learklimaat, it aktivearjen fan learders en it stimulearjen fan ynteraksje mei learders as groep en yndividueel;
* rekken hâlde mei ferskillen tusken learders yn lestarieding en útfiering;
* rekken hâlde mei ûntjouwingen yn it ûnderwiis;
* maatskiplike ûntjouwingen in plak jaan yn it eigen ûnderwiis;
* in eigen fisy op it ûnderwiis en op it skoalfak Frysk formulearje;
* oanjaan hoe't se harsels fierder ûntwikkelje wolle yn it berop fan lesjouwer Frysk.

Beoardieling
It dossier wurdt beoardiele troch twa dosinten fan NHL en/of Afûk. Foar Afûk-kursisten is ien fan 'e twa in Afûk-meiwurker. De beoardieling wurdt útdrukt yn in hiel sifer fan 1-10. Foar de beoardieling wurdt gebrûk makke fan in rubric.

Staazje
De NHL-studinten en oanskowers út it fjild jouwe yn it ramt fan dit ûnderdiel trije lessen. Dat kinne se dwaan binnen in besteande staazje of los dêrfan. Se moatte sels in staazjeplak regelje. De lessen tsjinje om wat op kolleezje leard wurdt op koarte termyn yn 'e praktyk te probearjen.
De Afûk-kursisten hawwe oer it generaal net folle ûnderwiisûnderfining. Foar harren is it praktykûnderdiel dêrom wat grutter. Se rinne tsien kear staazje yn twa ferskillende groepen (5 kear hospitearje by in lesjouwer) en moatte by elke groep ien kear in les selsstannich jaan. Lineke Kuipers bemiddelet tusken de Afûk-kursisten en Afûk-lesjouwers. Afûk-kursisten mei ûnderwiisûnderfining kinne yn oerlis mei Lineke besjen oft in koartere staazje mooglik is.

Kursusmentor
Omdat de kursus ferskillende dosinten hat, krijt elke dielnimmer foar de doer derfan in kursusmentor. Foar NHL-studinten Frysk is dat Henk Wolf. Foar Afûk-kursisten is it Lineke Kuiper. Foar oanskowers út it fjild wurdt yn oerlis in mentor socht. De mentor is it earste oansprekpunt by fragen en problemen. De kursist en de kursusmentor hâlde tegearre de fuortgong yn 'e gaten.

Dossier
Yn it dossier sitte de folgjende ûnderdielen:
A. in ûnderdiel 'lêslist' mei de folgjende ynhâld:
    1. in troch in dosint fan de NHL/Afûk ûnderskreaune foldwaande beoardieling fan jo kennis fan de literatuer op 'e lêslist;
B. in ûnderdiel 'kolleezjestof' mei de folgjende ynhâld:
    1. in útwurking fan de opdrachten dy't jo fan de dosinten yn de kolleezjes krigen ha;
C. in ûnderdiel 'staazje' mei de folgjende ynhâld:
    1. foar elke les dy't jo sels jûn ha: in bewiis fan jo tarieding (bg. lesformulier) en in selsevaluaasje;
    2. skriftlike ynhâldlike feedback fan de learlingen/kursisten út de groep;
    3. in koarte refleksje op jo eigen lesjaan;
    4. in koarte evaluaasje fan jo lesjaan troch de begeliedende dosint;
    5. foar Afûk-kursisten: in evaluaasje fan jo lêste les troch in eksaminator fan Afûk of NHL;
    6. in oersjoch fan it learmateriaal dat jo brûkt ha by de lessen (literatuerlist, ynternetadressen, fotokopyen ensfh.);
    7. in evaluaasjemiddel (toets) mei in ferantwurding dêrfan troch josels;
    8. links nei twa fideofragminten (elk maks. 4 minuten lang) fan jo eigen lesjaan, mei in koarte skriftlike taljochting.
D. in subjektive fisy op lesjaan yn it Frysk: wêrom, hoe ensfh.

Ynhâld
De kursus bestiet út 18 kolleezjes. Dy wurde jûn troch in grut team fan dosinten fan de NHL, fan de Afûk en út it ûnderwiisfjild. Sjoch foar de details it kolleezje-oersjoch.

Opset
De module is opset troch Henk Wolf yn oerlis mei Lineke Kuiper en Alex Riemersma.

Kolleezje-oersjoch 2016-2017

7 feb.

19.45-20.30

(3.1)

Yntroduksje

Lineke Kuiper en Henk Wolf

Lineke Kuiper en Henk Wolf lizze út hoe't de kursus yninoar sit. De kursisten stelle har foar en besprekke har learwinsken. Henk Wolf jout in koarte foarútblik nei de folgjende lessen.

14 feb.

19.45-21.15

(3.2)

Hoe goed moatte minsken it Frysk behearskje?

Reitze Jonkman



Jo wolle Fryske les jaan. Mar wat moatte jo learlingen/kursisten eins behearskje? Hoe fier moatte josels boppe dy stof stean? Reitze Jonkman lit sjen wat der allegear foar easken oan de behearsking fan it Frysk troch learlingen, studinten, dosinten en lesjouwers steld wurde en hoe't wy mjitte kinne oft ien it Frysk goed genôch yn 'e fingers hat.

28 feb.

19.45-21.15

(3.3)

Hoe leare minsken in taal?

Henk Wolf

Jo witte no wat jo behearskje moatte en wat jo publyk behearskje moat, mar hoe help jo ien om op syn streefnivo te kommen? Henk Wolf lit sjen hoe ferskillend oft bern, pubers en folwoeksenen leare en besprekt in stikmannich bekende teoryen oer it taallearen by pubers en folwoeksenen.

7 mrt.

19.45-21.15

(3.4)

Hokker learmateriaal is der foar it Frysk?

Renske Pasma

No't jo witte wat jo en jo learlingen/kursisten kinne moatte en hoe't it learen yn syn wurken giet, is it tiid om ris nei de beskikbere helpmiddels te sjen. Afûk-meiwurkster Renske Pasma nimt yn twa jûnen âld en nij materiaal mei jo troch en jout tips foar it gebrûk derfan by jo ûnderwiis.

14 mrt.

19-45-21.15

(3.5)

Hokker learmateriaal is der foar it Frysk?

No't jo witte wat jo en jo learlingen/kursisten kinne moatte en hoe't it learen yn syn wurken giet, is it tiid om ris nei de beskikbere helpmiddels te sjen. Afûk-meiwurkster Renske Pasma nimt yn twa jûnen âld en nij materiaal mei jo troch en jout tips foar it gebrûk derfan by jo ûnderwiis.

Renske Pasma

21 mrt.

19.45-21.15

(3.6)

Hoe sjocht it leartrajekt Frysk yn it fuortset ûnderwiis derút?

No witte jo wat jo groep leare moat, wat jo sels leare moatte, hoe't it learproses wurket en hokker materiaal oft jo brûke kinne. Ans Wallinga nimt jo mei de praktyk yn en lit jo sjen hoe't learlingen yn it fuortset ûnderwiis mei besteand materiaal stapke foar stapke har feardichheid opbouwe, oan it eineksamen ta.

Ans Wallinga

28 mrt.

19.45-21.15

(3.7)

Hoe sjocht it leartrajekt Frysk yn it basisûnderwiis derút?

It learen fan it Frysk begjint al yn de iere jeugd, thús of op skoalle. Liskje Flapper jout Frysk op 'e pabo en lit sjen wat learlingen kinne moatte oan 'e ein fan 'e basisskoalle en wat de basis wêze moatte soe dêr't jo yn it fuortset ûnderwiis op trochbouwe kinne.

Liskje Flapper

4 apr.

19.45-21.15

(3.8)

Hoe sjogge de leartrajekten Frysk yn it folwoekseneûnderwiis derút?

Henk Wolf lit sjen hoe't de Afûk en de pabo it leartrajekt Frysk stal jouwe.

Henk Wolf

11 apr.

19.45-21.15

(3.9)

Hoe brûke jo de lestiid optimaal?

Henk Wolf

Lessen wurde faak foar in grut part brûkt om stof út te lizzen en him foar de trage learders noch in twadde kear út te lizzen. Mei moderne helpmiddels kin it ek praktysker. Henk Wolf lit sjen hoe't jo de lesmetoade *Flipping the classroom* brûke kinne.

It lêste stik fan de les wurdt brûkt om de fuortgong fan it dossier en de staazjes koart oer te eidzjen.

18 apr.

19.45-21.15

(3.10)

Hokker taalnoarm hâldt in dosint Frysk oan?

Henk Wolf

Foar it Frysk is in folle minder dúdlike noarm as foar it Nederlânsk. Yn de sprektaal is in soad romte foar dialektfoarmen en ynterferinsjes, yn de skriuwtaal konfliktearret de Afûk-noarm soms mei dy fan lear- en lêsboeken. Henk Wolf jout help by it oanlizzen fan in eigen noarm.

2 mai

18.00-19.30

(4.1)

Hokker wurkfoarmen kin in dosint brûke?

Alex Riemersma

Der binne in soad ferskillende manieren om de beskikbere lestiid te brûken. Alex Riemersma jout wat ideeën en besprekt hoe't jo de gaadlikste wurkfoarm foar jo groep kieze kinne.

9 mai

18.00-19.30

(4.2)

Hoe wichtich is talige ynteraksje yn 'e les?

Albert Walsweer



Wat stekke learlingen/kursisten op fan ynteraksje mei-inoar en mei jo? Hoe beynfloedet de feardichheid fan de ien dy fan de oar? Hokker rol spylje de memmetalen fan de minsken yn de groep? Op al dy faktoaren fan ynteraksje giet Albert Walsweer fan it lektoraat Taalgebrûk & learen yn.

16 mai

Hoe kin in dosint kreatyf omgean mei besteand materiaal?

Els Zijlstra en Leo van der Lei



18.00-19.30

(4.3)

Wa't lesjout, fernimt gauris dat net hysels de baas is oer de lessen, mar de makker fan syn lesmateriaal. Dat jout net altyd in optimaal resultaat. Twa dosinten jouwe praktyske tips oer in kreative omgong mei besteand materiaal.

23 mai

Hoe kin in dosint rekken hâlde mei de learstilen yn de groep?

Dosint noch net bekend

18.00-19.30

(4.4)

Minsken hawwe ferskillende learstilen. Yn dit kolleezje wurde in stikmannich dêrfan behannele en wurdt bepraat hoe't jo as dosint rekken mei de learstilen yn jo groep hâlde kinne.

30 mai

Hoe meitsje jo in goede toets?

Henk Wolf

18.00-19.30

(4.5)

Op in stuit wolle jo witte oft jo learders al yn 'e buert binne fan it eindoel. Miskien meitsje jo sels eintoetsen, miskien wolle jo learders helpe om ynsjoch te krijen yn har eigen nivo of wolle jo sels it nivo fan de learders neigean. Henk Wolf jout tips foar it ûntwerpen en beoardieljen fan in toets.

6 jun.

Presintaasjes

Lineke Kuiper en Henk Wolf

18.00-19.30

(4.6)

Tiid om sjen te litten wat jo leard ha. De kursusdielnimmers presintearje allegear in fragmint fan in les dy't se sels jûn hawwe en lizze út wat se dien ha. De groep jout reaksjes op it fragmint.

13 jun.

18.00-19.30

(4.7)

Hoe toetse jo lêsbegryp yn it Frysk?

Alex Riemersma en Reitze Jonkman ha in soad ûnderfining mei it ûntwikkeljen fan toetsmateriaal en lizze út hoe't jo toetse kinne hoe't it lêsbegryp yn it Frysk fan jo learlingen of kursisten is.

Alex Riemersma en Reitze Jokman

20 jun.

18.00-19.30

(4.8)

Hoe wurket meartaligens yn de les?

Joana Duarte hat in soad ûndersyk dien nei lesjaan oan meartalige groepen yn ferskate lannen. Se fertelt wat de sterke en swakke punten binne fan it ûnderwiis yn Fryslân en oare meartalige gebieten.

Joana Duarte



(4.10)

Mûnlinge tentamens

Elke kursist hat in lêslist gearstald. Yn it dossier moat in ferklearring fan in dosint opnaam wêze dat de kursist de teksten op dy list foldwaande behearsket. Kursisten kinne sels in fakdidaktikus útsykje en in ôfspraak meitsje. Foar wa't dat wol, jout Alex Riemersma oan 'e ein fan 'e kursus in lêste kâns jûn om foar de simmerfakânsje dat mûnling tentamen te dwaan.

Alex Riemersma

Lêslist

Ferplichte lêsstof:

Hoogeveen, P. & J. Winkels (2010),
Het didactische werkvormenboek. Variatie en differentiatie in de praktijk.
Assen: Van Gorkum. 10e printinge.
Dêrút lêze: side 37-77.

Lêsstof nei eigen kar:

Alle kursisten lêze op syn minst fyftich siden oan oanfoljende ynformaasje oer in fakdidaktysk ûnderwerp dat se útdjipje wolle. Studinten meie de teksten sels útsykje, yn gearspraak mei Alex Riemersma. It mei gjin lêsstof wêze dy't ek by in oar fak oan bod komt. Hjirûnder steane in pear frijbliuwende suggestjes:

Moeskops, K. e.o. (2008),
Leerstijlen en werkvormen.
Undersyksferslach Universiteit Utrecht.

Mondria, J. (2006),
'Mythen over vocabulaireverwerving'.
Levende Talen 2006, nr. 12, side 3-11.

Riemersma, A. (2016, red.),
Grip op kwaliteit. Ljouwert: NHL Hogeschool.
Te finen op: http://www.grip.frl/oer-grip/ynfoboekje/

Witte, K. de & M. Cachet (2013),
'Flip de klas: Theorie als huiswerk en oefeningen als les. Ervaringen uit de literatuur en voorbeelden voor het economie-onderwijs'.
Didactief jrg 23, nr. 9, side 26-29.

Wolf, H. (2007),
'Methoden om een vreemde taal te leren'.
Yn: B. Laudy (red.), *Reader Algemene en toegepaste taalkunde*.
Ljouwert: Instituut Educatie en Communicatie NHL.

Dossieropdrachten foar it ûnderdiel 'kolleezjestof'

Alle dielnimmers lizze, wylst se it fak folgje, in dossier oan. It dossier moat goed byholden wurde en kin pas ynlevere wurde as it folslein is. De ynhâld stiet beskreaun yn de stúdzjewizer.

Hjirûnder stiet in beskriuwing fan de opdrachten dy't útwurke wurde moatte foar ûnderdiel B fan it dossier: opdrachten by de kolleezjestof.

Opdracht 1
By it yntroduksjekolleezje ha jo besocht om jo learwinsken te formulearjen. Tink der noch ris oer nei en skriuw se dan koart op. Brûk op syn heechst in heal kantsje A4.

Opdracht 2
By it kolleezje 'Hoe goed moatte minsken it Frysk behearskje?' ha jo fan Reitze Jonkman in opdracht krigen. Nim de opdracht en jo útwurking derfan yn it dossier op.

Opdracht 3
By it kolleezje 'Hoe leare minsken in taal?':
a. Notearje yn jo dossier de wichtichste ferskillen tusken taalwinning by bern en taallearen by folwoeksenen. Brûk op syn heecht ien kantsje A4.
b. Notearje yn jo dossier hoe't neffens Stephen Krashen taalwinning by folwoeksenen stimulearre wurde kin. Brûk op syn heechst ien kantsje A4.
c. Notearje yn jo dossier de teoryen fan taallearen by folwoeksenen en beskriuw koart hoe sterk of jo tink dat elk fan de neamde teoryen jo eigen learproses goed beskriuwt. Brûk op syn heechst ien kantsje A4.

Opdracht 4
By de twa kolleezjes oer 'Hokker learmateriaal is der (op kommendewei) foar it Frysk?':
Jo komme yn de kunde mei in soad materiaal. Sykje trije boeken of metoaden út dy't jo oansprekke en meitsje in beskriuwing fan it doel dat se neistribje, de ûnderlizzende learteory (lykas útlein yn it kolleezje 'Hoe leare minsken in taal?') en jo miening oer de brûkberens.

Opdracht 5
By it kolleezje 'Hoe sjocht it leartrajekt Frysk yn it fuortset ûnderwiis derút?'.
Jo krije op it kolleezje in opdracht fan Ans Wallinga. Nim de opdracht en de útwurking dêrfan yn jo dossier op.

Opdracht 6
By it kolleezje 'Hoe sjocht it leartrajekt yn it basisûnderwiis derút?':
a. Notearje wat learlingen oan 'e ein fan 'e basisskoalle kinne moatte.
b. Notearje hoe't skoallen besykje om dy doelen te heljen.

c. Skriuw op hoe't jo sels tinke dat it basisûnderwiis de stelde doelen foar it Frysk faker helje kin. Brûk dêrfoar likernôch ien kantsje A4.

Opdracht 7
By it kolleezje 'Hoe sjogge de leartrajekten Frysk yn it folwoekseneûnderwiis derút?':
Foar de Afûk-kursisten: notearje in pear (3 à 5) opfallende ferskillen tusken it Afûk-leartrajekt en it pabo-leartrajekt. Jou by elk ferskil koart oan hokker fan 'e twa mooglikheden oft jo better taliket en wêrom.
Foar de NHL-studinten: notearje in pear (3 à 5) ferskillen tusken it Afûk-leartrajekt en it taalfeardichheidsprogramma fan jo eigen oplieding. Jou by elk ferskil koart oan hokker fan 'e twa mooglikheden oft jo better taliket en wêrom.

Opdracht 8
By it kolleezje 'Hoe brûke jo de lestiid optimaal?':
a. Notearje yn jo dossier wat jo tinke fan de metoade *flipping the classroom* foar learlingen út it fuortset ûnderwiis.
b. Notearje yn jo dossier wat jo tinke fan de metoade *flipping the classroom* foar folwoeksen Frysklearders by de Afûk.
c. Notearje in pear foar- en/of neidielen dy't *Flipping the classroom* neffens jo hat yn ferliking mei de tradisjonelere manieren fan lesjaan. Brûk net mear as in heal kantsje A4.

Opdracht 9
By it kolleezje 'Hokker taalnoarm hâldt in dosint Frysk oan?':
a. Jou in koarte gearfetting fan de les (in heal à in hiel kantsje A4);
b. Beskriuw koart hokker noarm oft jo yn jo eigen lesjaan oanhâlde foar:
1. jo eigen mûnlinge taal;
2. de mûnlinge taal fan jo learlingen/kursisten;
3. jo eigen skriuwtaal;
4. de skriuwtaal fan jo kursisten/learlingen.
As jo op it stuit gjin eigen kursisten of learlingen ha, betink dan in groep dy't jo wol lesjaan wolle. Beskriuw dy groep koart en beantwurdzje de boppesteande fraach foar dy groep.

Opdracht 10
By it kolleezje 'Hokker wurkfoarmen kin in dosint brûke?' ha jo ferskate ideeën opdien foar wurkfoarmen. Kies ien út en meitsje mei dy wurkfoarm in lesopset foar in les dy't jo jaan wolle. Jo kinne in lesformulier út dizze syllabus brûke, mar jo meie ek in oar format kieze.

Opdracht 11
By it kolleezje 'Hoe wichtich is talige ynteraksje yn de les?':
Notearje wat neffens Albert Walsweer it belang is fan ferskate soarten ynteraksje yn de les en hoe't jo as dosint gebrûk fan dy kennis meitsje kinne. Brûk op syn heechst ien kantsje A4.

Opdracht 12
By it kolleezje 'Hoe kin in dosint kreatyf omgean mei besteand materiaal?'.
a. Jo hawwe op dit kolleezje in pear nije feardichheden leard. Notearje yn jo dossier hokker dêrfan oft jo wol en net yn jo eigen ûnderwiis brûke wolle en wêrom.
b. Nim eventueel materiaal dat jo op kolleezje makke hawwe op yn it dossier.

Opdracht 13
By it kolleezje 'Hoe kin in dosint rekken hâlde mei de learstilen yn syn groep?' krije jo in opdracht fan de dosint. Nim de opdracht en de útwurking dêrfan op yn jo dossier.

Opdracht 14
By it kolleezje 'Hoe meitsje jo in goede toets?' ha jo konsept-toetsmateriaal ûntwikkele. Nim dat op yn jo dossier.

Opdracht 15
By it kolleezje 'Hoe toetse jo lêsbegryp yn it Frysk?' krije jo in opdracht fan de dosinten. Nim de opdracht en de útwurking dêrfan op yn jo dossier.

Opdracht 16
By it kolleezje Hoe wurket meartaligens yn de les?' krije jo in opdracht fan Joana Silveira Duarte. Nim de opdracht en de útwurking dêrfan op yn jo dossier.

Formulier lestarieding

Namme:
Fak:

Datum:
Tiid:

Doelen fan de les:

Ferwachte tarieding fan de learlingen/kursisten:

Materiaal dat yn de les brûkt wurdt:

Eigen tarieding:

Plenning fan de les:

tiid	aktiviteit	materiaal

Evaluaasje: binne de doelen helle? Wêrom wol/net?

Ferbetterpunten:

Opmerkingen:

Lesskema *datum* *tiid* *staazjebegelieder* *stazjêere*

Doel fan les:							
Tiden	**Fase**	Learynhâld	Groepearrings foarm	Didaktyske wurkfoarmen	Lear-aktiviteiten	Underwiis-middels	Doel berikt?
	Begjinsiyuaasje:						
	Ynstruksje:						
	Ferwurking						
	Evaluaasje						

Staazje foar didaktysk foech Afûk

De kursist is yn totaal 10 lessen oanwêzich by in kursus Frysk.
In searje fan fiif lessen by in kursus foar net-Frysktaligen
In searje fan 5 lessen by in kursus foar Frysktaligen

Opbou ûnderwiisfeardigens kursist:

Les 1:

Observaasje

Les 2:

Observaasje en kontakt meitsje mei groep: b.g. in ferhaal foarlêze/fertelle

Les 3:

Kursist nimt in ûnderdiel fan 'e les oer yn oerlis mei de lesjouwer: b.g. de grammatikale útlis of it oefenjen fan in ûnderdiel. (likernôch 15-20 min.)
Sels de opset meitsje, safolle mooglik op selde manier as de lesjouwer dat docht. Sa mooglik even beprate/oer maile.

Les 4:

De kursist jout in heal oere oant in oere les en brûkt foar ien ûnderdiel dat troch de lesjouwer oanrikt is in wurkfoarm dy't de kursist séls útsocht hat. Foar evt. oare ûnderdielen kin de wurkwize fan 'e dosint folge wurde. De ûnderdielen dy't yn dat lesoere foarby komme, kinne falle ûnder *ferstean*, *lêzen* (*útspraak*), *fokabulêreútwreiding* of *praten*. Alles sa mooglik wer yn oerlis.

Les 5 Praktykeksamen

De kursist jout in hiele les en bepraat dy les yn it foar mei de dosint (of mailt der oer). De kursist siket **selsstannich** ferskillende wurkfoarmen út en slút de les ek ôf. De les moat passe yn de kursusopset fan 'e dosint. De earste opset moat lykwols by de kursist wei komme.

Ofspraken en rjochtlinen foar staazje by de Afûk

De hospitant folget twa kear in searje fan 5 lessen by in Afûk-kursus. Yn de 5de les wurdt it praktykeksamen hâlden. Ien staazje sil wêze by in kursus foar net-Frysktaligen (LearmarFrysk, PraatmarFrysk) en de oare staazje sil hâlden wurde by in kursus foar Frysktaligen (SkriuwmarFrysk).

De Afûk-kursussen wurde hâlden op moandei-, tiisdei- of woansdeitejûn en binne altyd fan 19.30 – 21.30 oere. Alle ynformaasje oer de kursussen Frysk stiet op de kursuswebside: kursus.afuk.nl.

It praktykeksamen
It is de bedoeling dat de hospitant fan tefoaren op in matriks it eksamenprogramma ynfollet en in kopy dêrfan oan it begjin fan it eksamen oan de eksaminator oerhandiget. Fierders kriget de eksaminator in evaluaasjeformulier fan de hospitant.

De hospitant nimt sa'n 75 minuten fan de les foar syn/har rekken. Yn dy 75 minuten sit in eksamen fan sa'n 45/60 minuten. Mocht der eat misgean yn 'e les dy't de hospitant jout: net yngripe, ek al giet it finaal mis. Nei ôfrin stelle eksaminator en begelieder tegearre it einsifer fêst (der meie hiele sifers of sifers mei ien desimaal jûn wurde) en diele dat motivearre mei oan de hospitant. Dêrby telt it sifer foar de eksamenles **foar 60%** mei en it sifer foar de staazje **foar 40%**. Foarbyld: As de hospitant in 6 foar it eksamen hellet en in 5 foar de staazje, wurdt it einsifer 5,6 (6 x 60% + 5 x 40% = 360 + 200 = 560 : 100). As de hospitant krektoarsom in 5 foar it eksamen hellet en in 6 foar de staazje, wurdt it einsifer 5,4 (5 x 60% + 6 x 40% = 300 + 240 = 540 : 100).

Oangeande it bekendmeitsjen fan de útslach is troch de Eksamenkommisje de neikommende proseduere ôfpraat:

1. eksaminator en staazjebegelieder beprate tegearre it sifer
2. de eksaminator praat mei de hospitant oer it wêrom fan it sifer
3. hospitant en begelieder (of eksaminator) bringe de kursisten op 'e hichte
4. nei ôfrin fan de les wurdt it eksamen, as de eksaminator dat nedich achtet, nochris oereide
5. de eksaminator stjoert, as hy/sy dat nedich achtet, in motivearre beoardieling nei hospitant, staazjebegelieder en didaktykdosint.

Opbou ûnderwiisfeardigens kursist:

Les 1:
Observaasje

Les 2:
Observaasje en kontakt meitsje mei groep: b.g. in ferhaal foarlêze/fertelle

Les 3:
Kursist nimt in ûnderdiel fan 'e les oer yn oerlis mei de lesjouwer: b.g. de grammatikale útlis of it oefenjen fan in ûnderdiel. (likernôch 15-20 min.)
Sels de opset meitsje, safolle mooglik op selde manier as de lesjouwer dat docht. Sa mooglik even beprate/oer maile.

Les 4:
De kursist jout in heal oere oant in oere les en brûkt foar ien ûnderdiel dat troch de lesjouwer oanrikt is in wurkfoarm dy't de kursist séls útsocht hat. Foar evt. oare ûnderdielen kin de wurkwize fan 'e dosint folge wurde. De ûnderdielen dy't yn dat lesoere foarby komme, kinne falle ûnder ferstean, lêzen (útspraak), fokabulêreútwreiding of praten. Alles sa mooglik wer yn oerlis.

Les 5 Praktykeksamen
De kursist jout in hiele les en bepraat dy les yn it foar mei de dosint (of mailt der oer). De kursist siket **selsstannich** ferskillende wurkfoarmen út en slút de les ek ôf. De les moat passe yn de kursusopset fan 'e dosint. De earste opset moat lykwols by de kursist wei komme.

Oandachtspunten dy't begeliedende dosint mei kursist beprate kin tidens de staazje:

- *Sosjale feardichheden kursist:*
    - kontakt lizze mei kursisten
    - oandacht oer groep ferdiele
    - kursisten motivearje

- *Didaktyske feardichheden kursist:*
    - opbou les: foar skoft – nei skoft
    - opbou ferdield oer it kursushealjier
    - it sammeljen/geskikt meitsjen fan eigen materiaal
    - omgong mei ferskillen yn groep
    - hoe tiid ferdiele oer ferskillende ûnderdielen
    - hoe fier/djip moat de útlis gean

It is in wat yntuitive oanpak, mar de kursisten ha heechstwierskynlik sa it measte oan jim ûnderfining.

By it evaluearjen fan 'e les/lesûnderdielen komme in soad fan dy punten werom:

- Omgong en kontakt mei de groep (sosjaal)
- Opbou en útfiering les (didaktysk)
    - opbou les
    - learynhâld les
    - kar wurkfoarmen
    - tiidsyndieling les (didaktysk)

Beoardieling staazje:

De staazje is foaral in proses en by de staazjebeoardeling troch de begeliedende dosint kinne de folgjende punten yn oerwaging nommen wurde:

- hoe giet de kursist mei de groep om
- hoe ferrint de lestarieding en yn gearhing dêrmei it oerlis mei de dosint
- hoe ferwurket de kursist de feedback fan 'e lesjouwer

Staazjeformulier praktykeksamen **by in kursus fan de Afûk**

Evaluaasje yn te foljen troch de staazjebegelieder(-ster) en eksaminator

1) Namme stazjêr(e):
Adres/wenplak:

2) Namme lesjouwer, staazjebegelieder/-ster
Adres/wenplak:

3) Namme eksaminator:
Adres/wenplak:

4) Type kursus:

LearmarFrysk 1, 2	O
PraatmarFrysk 1, 2	O
SkriuwmarFrysk 1, 2	O

5) Tal kursisten:

6) Underwerp(en):

7) Datum:

De evaluaasje fan 'e les (swakke en sterke punten)

1) Yntroduksje
a) Makket de stazjêr(e) goed dúdlik wat der dien wurde sil yn 'e les?

2) Begjinsitewaasje
a) Slút de stazjêr(e) foldwaande oan by de begjinsitewaasje fan de kursisten?

3) Learynhâlden
a) Hokker opmerkings hawwe jo oer de learynhâlden

4) Learaktiviteiten en groepearringsfoarmen
a) Hat de stazjêr(e) yn ferbân mei de fragen 1 0/m 3 goede learaktiviteiten op gong brocht?

b) Wie(ne) de groepearringsfoarm(en) geskikt foar dizze les?

c) Wie der foldwaande ôfwikseling yn harkjen en praten?

d) Wie der foldwaande ôfwikseling yn mûnling en skriftlik wurk (by SkriuwmarFrysk)?

e) Binne de kursisten aktyf genôch? Wurde se foldwaande aktivearre? (Kin de stazjêr(e) b.g. in petear op gong bringe en elkenien der by belûke?)

5) Media
a) Wurde der gaadlike ûnderwiislearmiddels brûkt?

b) Wurde de ûnderwiislearmiddels op in goede wize brûkt?

6) Stazjêr(e)
a) Hoe is de hâlding fan de stazjêr(e) ûnder it lesjaan?
(natuerlik/enerzjyk/fleurich/fleksibel/ynteressearre)

b) Hoe is de sprektoan?
(te sêft/te fluch/ te stadich/freonlik/ seurderich/ensfh.)

c) Sit der genôch gong yn de les?
(ferrinne de oergongen tusken de ferskillende lesûnderdielen flot?)

d) Wurdt der goed yngien op fragen en opmerkings fan kursisten?

e) Behearsket de stazjêr(e) de learstof?

f) Hoe wurdt it Frysk brûkt?
Linich, goeie wurdskat, passend by nivo kursisten?

7) Doelen
a) Binne de yn de matriks stelde doelen ek toetst?

b) Binne se berikt (by alle kursisten)? Wêrom net as se net (alhiel) berikt binne?

8) Formulieren en matriksen

a) Hat de stazjêr(e) de eigen les (sjoch de efterkant fan de lesmatriks) foldwaande evaluearre?

b) Is de lesmatriks (lesskema) foldwaande útwurke?

c) Koe de stazjêr(e) him/har oan de lesmatriks hâlde?

d) Koe de stazjêr(e) der op in linige wize fan ôfwike as it ferrin fan de les dat perfoarst frege ?

9) Einoardiel

a) wat is jo einoadiel oer de les?

Bêst	O
Goed	O
Foldwaande	O
Unfoldwaande	O

Wêrom?

b) Hawwe jo ek (noch) oare opmerkings nei oanlieding fan de les?

10) Praktykeksamens

Praktykeksamen, **diel ien** Datum Sifer (yn letters)	....
Hantekening eksaminator	Hantekening staazjebegelieder/-ster .....
Praktykeksamen, **diel twa** Datum Sifer (yn letters)	....
Hantekening eksaminator	Hantekening staazjebegelieder/-ster .....

Opm.

Dit formulier besprekke mei de stazjêr(e). Dêrnei taheakje oan de lesmatriks en oan de oplieder /-ster foar it didaktysk foech takomme litte.

Tige tank!

Selsevaluaasje

Jo kinne in selsevaluaasje op in soad ferskillende manieren meitsje. Fiel jo frij om sels in manier te kiezen dy't jo goed leit. Foar wa't graach wat tips ha wol, ha wy hjirûnder in pear saneamde STARR-fragen opnaam. STARR is in ienfâldige metoade om ynsjoch te jaan yn jo rol yn in proses. Brûk de fragen dy't jo nuttich talykje. Hâld jo evaluaasje koart, langer as in kantsje A4 is net nedich.

S = Situaasjebeskriuwing
- Wat wie jo lichemshâlding?
- Hoefolle kursisten wienen der?
- Wat hienen de kursisten taret?
- Wat dienen de kursisten?
- Wat wie it doel fan de les?
- Wat foar ûnferwachte omstannichheden wienen der?
- Hoe wie de sfear yn de groep?

T = Taakbeskriuwing
- Wat waard der fan jo ferwachte yn de les?
- Wat waard der fan de kursisten ferwachte yn de les?
- Hoe sjogge jo oan tsjin dy ferwachtingen?
- Wa hie de einferantwurdlikheid oer de les?
- Hoe wienen de rollen tusken jo en dy persoan ferdield?
- Wat moasten jo konkreet dwaan yn de les?
- Hoe serieus naam elk syn of har taak?

A = Aksjebeskriuwing
- Wat hawwe jo yn de les allegear dien?
- Wat hawwe de kursisten dien?
- Wat hat de begeliedende dosint dien?
- Wat is der allegear bard yn de les en hoe reagearren jo dêrop?
- Hawwe jo problemen oplosse moatten? Hoe gong dat?
- Wêrom ha jo dien wat jo dien ha?

R = Resultaatbeskriuwin
- Wat wie it gefolch fan jo hannelingen?
- Yn hoefier hawwe jo jo taak goed útfierd?
- Wat hawwe de kursisten opstutsen?

R = Refleksjebeskriuwing
- Hoe reagearren de oaren op jo lessen?
- Hoe reagearren oaren op de ynteraksje mei jo en mei de oare oanwêzigen?
- Hoe adekwaat wie jo hanneljen?
- Wat soenen jo de oare kear wer sa dwaan?
- Wat soenen jo de oare kear oars dwaan?
- Wat ha jo sels leard fan de les?
- Wat is jo algemiene oardiel oer de les en wêrom?
- Wat is jo oardiel oer josels yn de les en wêrom?

Feedbackformulier foar kursisten/learlingen

1. Soenen jo mei in krúske oanjaan wolle wat jo oardiel is oer de folgjende ûnderdielen fan de les dy't jo krekt folge hawwe?

	hiel min	min	ridlik	goed	hiel goed
De sfear yn de les					
De wurkfoarmen yn de les					
De útlis fan de dosint					
It nivo fan de les					
It nut fan de les					
De begelieding troch de dosint					
It materiaal dat yn de les brûkt is					
De opbou fan de les					
De tarieding fan de dosint					
De tarieding fan de groep					
Jo eigen tarieding					

2. Kinne jo in pear opfallende goede eigenskippen fan de dosint opskriuwe?

3. Wolle jo de dosint ek noch ferbetterpunten meijaan?

4. Hawwe jo noch oare opmerkingen oer de les?

Dossieropdrachten foar it ûnderdiel 'Subjektive fisy op lesjaan yn it Frysk'

Alle dielnimmers lizze, wylst se it fak folgje, in dossier oan. It dossier moat goed byholden wurde en kin pas ynlevere wurde as it folslein is. De ynhâld stiet beskreaun yn de stúdzjewizer.

Hjirûnder stiet in beskriuwing fan de opdracht dy't útwurke wurde moat foar ûnderdiel D fan it dossier: subjektive fisy op lesjaan yn it Frysk.

As jo alle kolleezjes folge ha en jo staazjelessen jûn ha, skriuwe jo in eigen fisy op ûnderwiis yn it Frysk. Jo meie jo konsintrearje op jo eigen doelgroep (fuortset ûnderwiis of folwoeksenen), mar dat hoecht net. Skriuw op hoe't jo graach wolle dat ûnderwiisynstellingen oer tsien jier mei it Frysk omgeane, wat neffens jo it einnivo wêze moat en hoe't de lessen der neffens jo it bêste útsjen kinne. Jo meie elk stânpunt ynnimme, mar jo ferhaal moat goed beredenearre wêze en it moat sjen litte dat jo aardich wat fakkennis ta jo foldwaan ha. It mei net in stik wêze dat jo buorman ek skriuwe kinnen hie!

Beoardielingsynstrumint by it ûnderdiel 'Fakdidaktysk praktikum' 2016-2017

Namme kandidaat:

Datum:

Sifer:

Taljochting by it sifer (opsjoneel):

24

Eksaminator 1:

Hantekening

Eksaminator 2:

Hantekening

Dit beoardielingsynstrumint bestiet út fiif siden. De kandidaat krijt nei beoardieling in kopy fan it folsleine ynstrumint. De Afûk krijt in kopy foar it eigen argyf. It orizjineel wurdt troch de NHL argivearre.

Rubric I. folsleinens fan it dossier

Underdiel A: lêslist			
dokuminten:	n. oanw.	ûnf. útw.	ynoard.
1. foldwaande beoardieling op lêslist			

Underdiel B: kolleezjestof			
dokuminten:	n. oanw.	ûnf. útw.	ynoard.
opdracht 1			
opdracht 2			
opdracht 3			
opdracht 4			
opdracht 5			
opdracht 6			
opdracht 7			
opdracht 8			
opdracht 9			
opdracht 10			
opdracht 11			
opdracht 12			
opdracht 13			
opdracht 14			
opdracht 15			

Underdiel C: staazje			
dokuminten:	n. oanw.	ûnf. útw.	ynoard.
1a. bewiis fan tarieding (bg. lesformulier)			
1b. selsevaluaasje fan lessen dy't jo sels jûn ha			
2. skriflike feedback fan de learlingen/kursisten			
3. koarte refleksje op jo eigen lesjaan			
4. koarte evaluaasje troch de begeliedende dosint			
5. evaluaasje eksamenles troch Afûk-eksaminator			
6. oersjoch fan it learmateriaal			
7. toets mei ferantwurding			
8. links nei twa fideofragminten			

Underdiel D: subjektive fisy op it lesjaan yn it Frysk			
dokuminten:	n. oanw.	ûnf. útw.	ynoard.
1. dokumint fan likernôch ien side A4			

n. oanw. = net oanwêzich
ûnf. útw. = ûnfoldwaande útwurke (te koart, te sloarderich, yrrelevant ensfh.)
ynoard. = ynoarder

Yn rubric I moat by elk dokumint 'ynoarder' oanfinke wêze, mei de folgjende útsûnderingen:
- by ûnderdiel B meie maksimaal twa dokuminten 'net oanwêzich' of 'ûnfoldwaande útwurke' wêze;
- by ûnderdiel C hoecht dokumint 5 allinne ynlevere te wurden troch Afûk-kursisten.
- by ûnderdiel C hoecht dokumint 7 allinne ynlevere te wurden troch NHL-studinten Frysk.

As rubric I foldocht oan de boppeneamde eask, dan wurdt mei help fan rubric II it sifer fêststeld. Sa net, dan wurdt rubric II net ynfolle. De eksaminatoaren kinne yn foarkommende gefallen in skriftlik motivearre beslút nimme om fan dy regel ôf te wiken.

15

Rubric II. ynhâldlik oardiel					
	Û	F	G	oardiel	taljochting
1. tarieding	De kursist hat net sjen litten dat er syn lessen op begjinnersnivo tariede kin.	De kursist hat sjen litten dat er syn lessen op begjinnersnivo tariede kin.	De studint kin in ridlik profesjonele en pragmatyske lestarieding meitsje.		
2.	De kursist hat kin gjin realistyske ynskatting fan it eigen taalfeardichheidsnivo meitsje.	De kursist kin in realistyske ynskatting fan it eigen taalfeardichheidsnivo meitsje.	De kursist kin in realistyske ynskatting fan it eigen taalfeardichheiddsnivo meitsje en de taalfeardichheid fan oaren ynskatte.		
3. lespraktyk	De kursist blykt net boppe de lesstof te stean.	De kursist stiet boppe de lesstof.	De kursist stiet fier boppe de lesstof.		
4.	De kursist kin syn kennis net didaktisearje.	De kursist kin syn kennis op begjinnersnivo didaktisearje.	De kursist kin syn kennis adekwaat en profesjoneel didaktisearje.		
5.	De kursist hat net sjen litten dat er it learklimaat by syn groep noflik hâlde kin.	De kursist hat sjen litten dat it learklimaat yn syn groep fruchtber is of dat er neitinke kin oer ferbettering fan dat klimaat.	De kursist hat sjen litten dat er wit hoe't er in fruchtber learklimaat ta stân bringe kin.		
6.	De begeliedende dosint en de praktykeksaminator binne fan betinken dat de kursist noch lang net selsstannich lesjaan kin.	De praktykeksaminator is fan betinken dat de kursist op koarte termyn selsstannich lesjaan kin.	De praktykeksaminator is fan betinken dat de kursist sûnder beswier no al selsstannich lesjaan kin.		

7. selsevaluaasje	De kursist toant gjin ynsjoch yn de eigen sterke en swakke punten by it lesjaan.	De studint kin de eigen sterke en swakke punten by it lesjaan oanjaan.	De studint kin de sterke en swakke punten by it lesjaan oanjaan en dêrop reflektearje.		
8.	De kursist hat net sjen litten dat er wittenskiplike ynsjoggen ferbine kin mei it eigen lesjaan.	De kursist hat sjen litten dat er neitocht hat oer de ferbining tusken wittenskiplike ynsjoggen en it eigen lesjaan.	De kursist hat sjen litten dat er besiket om wittenskiplike ynsjoggen te brûken by it eigen lesjaan.		
9. materiaal	De kursist hat net sjen litten dat er op 'e hichte is fan de nijste skriftlike en digitale learmiddels foar Frysk.	De kursist hat sjen litten dat er de wichtichste nije skriflike en digitale learmiddels foar Frysk ken.	De kursist hat sjen litten dat er wurkje kin mei nije digitale learmiddels foar it Frysk.		
10.	De kursist hat net sjen litten dat er neitocht hat minder tradisjonele manieren fan lesjaan.	De kursist hat sjen litten dat er neitocht hat oer minder tradisjonele manieren fan lesjaan.	De kursist hat sjen litten dat er yn steat is om sels op in minder tradisjonele manier les te jaan of om te wikseljen tusken tradisjonele en minder tradisjonele didaktyk.		
11. toetsing	De kursist hat net sjen litten dat er selsstannich toetse kin.	De kursist hat sjen litten dat er in opset foar in brûkbere toets meitsje kin.	De kursist hat sjen litten dat er in toets meitsje kin dy't sûnder oanpassing brûkt wurde kin.		
12. differinsjaasje	De kursist hat net sjen litten dat er weet hat fan ferskillen tusken learstilen of nivo's.	De kursist hat sjen litten dat er weet hat fan ferskillen tusken learstilen of nivo's.	De kursist hat sjen litten dat er gebrûk meitsje kin fan syn kennis oer ferskillen yn learstillen of nivo's.		
13. fisy	De kursist hat gjin profesjonele fisy op it lesjaan yn it Frysk op papier set.	De kursist hat sjen litten dat er in eigen profesjonele fisy op lesjaan yn it Frysk op papier sette kin.	De kursist hat sjen litten dat er brede fakkennis brûke kin om in profesjonele fisy op lesjaan yn it Frysk op papier te setten.		

Û = ûnfoldwaande, F = foldwaande, G= goed. Foar in foldwaande oardiel mei net ien ûnderdiel fan rubric II ûnfoldwaande wêze.

De eksaminoaren kinne foar it beoardieljen it dossier brûke en meie oannimme dat de kursist de stof op 'e lêslist behearsket. In ûnfoldwaande oardiel moat altyd taljochte wurde. It einsifer wurdt op 'e folgjende wize berekkene:

10-13 kear ûnfoldwaande: 1
7-9 kear ûnfoldwaande: 2
5-6 kear ûnfoldwaande: 3
3-4 kear ûnfoldwaande 4
1-2 kear ûnfoldwaande: 5
0-3 kear goed, rest foldwaande: 6
4-6 kear goed, rest foldwaande: 7
7-9 kear goed, rest foldwaande: 8
10-13 kear goed, rest foldwaande: 9
13 kear goed en in bysûndere prestaasje: 10

Takenning fan it sifer 10 moat altyd taljochte wurde.

It sifer wurdt op 'e foarside fan dit beoardielingsynstrumint notearre. It is allinne jildich yn kombinaasje mei de hantekeningen fan beide eksaminatoaren.

82